# 'Myn ynspiraasje kin oeral weikomme.'

**Op woansdei 17 febrewaris wurdt de Rink van der Veldepriis 2016 útrikt yn it gemeentehûs yn Drachten. De fiif nominearren foar de Rink van der Veldepriis stelle har foar yn Breeduit. Dizze wike: Anne Feddema, nominearre foar syn ferhalebondel *De triennen fan Cheetah.***

Feddema is yn 1961 berne yn Ljouwert. Nei syn middelbere skoaltiid studearre er oan de Ljouwerter keunstakademy Vredeman de Vries. Letter folge er in postakademyske oplieding oan Ateliers '63 yn Haarlim. Yn 1990 ferskynden syn earste gedichten yn de Frysk literêre tydskriften *Hjir* en *Trotwaer,* letter publisearre er ek yn it ynternettydskrift *Kistwurk.* Hy debutearre yn 1997 mei de bondel *Slapstickiepenbierings.* Yn 2005 waard *Reidhintsje op 'e Styx* útjûn; dizze bondel waard yn 2009 bekroane mei de Gysbert Japicxpriis. Dêrnei folgen de bondels *Torpedo's los* (2010) en *Op myn stjerbêd wol ik tate ha* (2013). Feddema's ferhalen waarden earst publisearre yn de *Leeuwarder Courant* en *Hjir* en binne no te lêzen yn *Ensafh* en *De Moanne.* In ferhaal fan syn hân stie yn de sammelbondel *It each fan de griffioen* (2006). Yn 2009 ferskynde *Skúnpútsersgúd* (Liwwadder ferhalen, earder foarlêzen foar Omrop Fryslân) en yn 2014 *De triennen fan Cheetah.*

**Feddema is in alsidich keunstner; hy is aktyf as dichter, skriuwer, skilder, multymedia-artyst, muzikant en performer. Kinne wy dit sjen as totaalkeunst?**
Anne Feddema: 'Ik sjoch it as it trainen fan myn spieren. It kin wêze dat ik troch in beweging in ynfal krij foar in ferhaal. En oarsom bart dat ek, dat ik troch in ferhaal ynspiraasje krij foar it meitsjen fan in skilderij. Der is yn feite sprake fan in krúsbestowing tusken de ferskate uteringen dêr't ik mei dwaande bin.'

**Wêr giet it titelferhaal *'De triennen fan Cheetah'* oer?**
'It titelferhaal giet letterlik oer de triennen fan in aapke. It gûlen jout it aapke wat minskliks, mar neffens de wittenskip kin in aap gjin triennen ferjitte. De oanlieding foar my om dit ferhaal te skriuwen wie in berjocht út de krante dat it aapke fan Tarzan ferstoarn wie. Der ha lykwols mear sjimpansees west dy't foar Cheetah spile hawwe. De aap dy't deagien is wie miskien de âldst oerlibbene aap út de Tarzanfilms.'

**In protte ferhalen yn it boek binne yn Berlyn skreaun. Guon ferhalen spylje ek yn Berlyn, lykas 'Leafde en staasjejild'. Tinkt Feddema noch in soad oan Berlyn en soe er dêr wer hinne wolle?**
'Alle dagen tink ik wol in pear kear oan Berlyn. Ik ha yn 2011 en 2012 yn Berlyn wenne, mar ik wist dat it tydlik wêze soe. Miskien gean ik ris in pear wiken yn in hostel foar tsien euro nachts. Ik bin wol maklik, ha net in protte lúkse nedich. As ik echt wer yn Berlyn wenje wol, dan soe ik hielendal út Ljouwert fuortgean.'

**Binne guon ferhalen op oare plakken yn it bûtenlân skreaun?**
'Ja, yn Barseloana. Omdat ik dêr west ha nim ik de sfear en couleur locale mei yn myn ferhalen. Likegoed kin myn ynspiraasje út de literatuer of fan ynternet komme. Yn Los Angeles, dêr't it ferhaal 'Another nice mess' spilet, haw ik bygelyks noch nea west. Ik haw útsocht wêr't de filmopnames fan de Laurel & Hardy-film *The Music Box* makke binne. De learaar yn it ferhaal, in grutte Laurel & Hardy-fan, giet nei de treppen ta dêr't de piano yn de film hieltyd ôfrûgele. Plakken yn Poalen en Ruslân dêr't ik west ha spylje ek in behoarlike rol yn myn ferhalen.'

*Tekst en foto: Hedwig Terpstra*



# EO maakt opnamen in Drachten!

**Voor het televisieprogramma Geloof en een Hoop Liefde werden deze week opnamen gemaakt in Drachten.**

Het programma staat van 28 maart t/m 1 april volledig in het teken van Drachten. Elke dag wordt dan om 18.10 uur op NPO2 een deel uitgezonden. Herman Wegter, Mirjam Bouwman, Hella van der Wijst en Kefah Allush van de EO zochten deze week naar de karakteristieke dorpsverhalen, stadse tradities en de rol van het christelijk geloof en bijzondere mensen in Drachten.



*Hella v.d. Wijst (rechts) maakte voor het programma Geloof en een Hoop Liefde een rondvlucht boven Drachten (foto Fokelien Broekstra)*

# Nieuwe leden voor Biljartclub DC

**De belangstelling voor de Open dag op 4 februari van de biljartclub DC Drachten in de biljartzaal, op de eerste verdieping van @Holdert was groot. Meer dan dertig geïnteresseerden lieten zich informeren over de ontspanningsmogelijkheden die de biljartclub hen kan bieden.**

Het merendeel van de bezoekers deden direct mee om zich verder te bekwamen in het spel. De mogelijkheden daarvoor zijn bij de club aanwezig. Uit de grote belangstelling blijkt dat het enthousiasme voor de biljartsport groot is. Vijf bezoekers meldden zich direct aan als lid.

**Balans Markt 18 februari Sûnenz**

# Bent u al in balans?

**Donderdag 18 februari van 10.00 – 14.00 uur wordt in Sûnenz te Drachten de "In Balans Markt" georganiseerd. Deze markt wordt georganiseerd door Medipoint in samenwerking met de partners van Sûnenz.**

Bent u in Balans? Zowel lichamelijk als geestelijk? Wat houdt dat eigenlijk in "in balans zijn" en hoe zorgt u daarvoor? In balans zijn bereikt u onder meer door een goed voedingspatroon, voldoende bewegen, maar bijvoorbeeld ook door hulpmiddelen die u helpen om de dagelijkse bezigheden te kunnen blijven doen.

Op de In Balans markt staan partners van Sûnenz die u hierover kunnen adviseren. Daarnaast zijn er marktstands met allerlei producten op het gebied van gezondheid.

Zo vindt u op de markt GERO Footwear, voor specialistisch schoeisel, en een presentatie over acupunctuur door Eva Veenstra. Personal Organizer Lies Mulder verzorgt deze ochtend workshops en Medipoint demonstreert verschillende matrassen en sta-op stoelen. Bij Bysûnder proeft u verschillende (h)eerlijke biologische producten.

De markt wordt gehouden in Sûnenz, Burg. Wuiteweg 140b, Drachten.



# Valentijnsconcert CMV Concordia

Zaterdag 13 februari om 20.00 uur houdt CMV Concordia o.l.v. Durk Krol een Valentijnsconcert in MFA de Bouwen. Samen met de leerlingen heeft Concordia een mooi programma samengesteld, met veel muziekstukken waarin de liefde centraal staat! De entree is gratis, maar om de kosten wat te drukken, is er na afloop een collecte! Wij nodigen u van harte uit op zaterdag 13 februari om 20.00 uur in MFA de Bouwen aan de Klaverweide te Drachten.

# Thema-avond over rookverslaving

Op zondag 14 februari zullen dr. Wanda de Kanter en dr. Gabriel Anthonio een thema-avond verzorgen in de Bethelgemeente over rookverslaving en de gevolgen daarvan. Wanda de Kanter is sinds 25 jaar longarts. Ze is onder andere werkzaam in het Anthoni van Leeuwenhoekziekenhuis in Amsterdam. Wanda behoort tot de Raad van Toezicht van Fight cancer en was medeoprichter van de grootste rookstop polikliniek in Nederland. Gabriel Anthonio is voorzitter van de raad van bestuur van Verslavingszorg Noord Nederland. Ze zullen wijzen op de gevaren van rookverslaving, het verband met longkanker en werkwijze van de industrie achter de sigaret. Aanvang 19.30 uur Bethelkerk, Drachten